

SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 42 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	Klaas Fokkinga
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Wat it wenningmerk-belied oanbelanget binne der ferskate (nije) ynstruminten dy't gemeenten tapasse kinne om harren ynwenners te helpen om oan in passende wenning te kommen en ûnwinsklike ûntjouwings te kearen.</p> <p>Sa sil de bygelyks de <i>Wet Opkoopbescherming</i>¹ op 1 jannewaris 2022 yngean, binne der ferline jier nije regels kaam foar toeristyske ferhier² en rint der op it stuit in konsultaasje³ oer oanfoljende oanpassingen fan de <i>Huisvestingswet</i>, ynklusyf de mooglikheden foar gemeenten om by de ferdieling fan wenromte foarrang te jaan oan minsken mei maatskiplike, ekonomyske en lokale bining. Dizze saken kinne yn in hûsfêstingsferoarderding regele wurde.</p> <p>De provinsje Fryslân hat yn oktober in <i>flexpool</i>⁴ ynsteld om gemeenten stipe te jaan foar de ferhastiging fan de wenningbou yn de provinsje.</p>
Fraach / fragen	<ul style="list-style-type: none">• Is it kolleezje fan deputearre steaten ree om de gemeenten by har wenningbelied te stypjen troch de (nije en âldere) ynstruminten en mooglikheden op in rychje te setten?• Is it kolleezje ree dy ynformaasje op koarte termyn yn in brief mei de Fryske gemeenten te dielen, sadat dy der mei oan de slach kinne?
Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Sijbe Knol
Datum	3 desimber 2021

¹ Wet Opkoopbescherming. [Wijziging van de Woningwet \(35.517\) - Eerste Kamer](#);

² [Wet toeristische verhuur van woonruimte \(35.353\) - Eerste Kamer](#);

³ Ryksoerheid: [Consultatie Wijziging van de Huisvestingswet 2014](#);

⁴ Provinsje Fryslân: [persbericht-versnelling-in-woningbouw-via-flexpool-regeling.pdf](#).